

In nijsgjirrich
minske kin min in
geheim bewarje

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Fierljeppen

Yn de oanrin nei de sprong is der in wichtige rol weilein foar de polshâlder. It komt krekt

pagina 3>



Nije foarsitter

'It is kommende woansdei foar my sjen, fiere en priuwe. It kladlok leit yn de bestjoerstinte.'

pagina 5>



Diamanten pearke

Korps Wilhelmina bringt Pieter en Gerkje de Boer yn Easterein op troudei in serenade

pagina 13>

Easterein wint Ald-Meiers Partij yn Hitsum



It famkespartoer fan Easterein hat ôfrûne sneon yn Hitsum de achttjinde edysje fan de Ald-Meiers Partij yn Hitsum op har namme skreaun. Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Jeska Terpstra soargen der foar dat de wikselpriz De Sulveren Pong yn Easterein terjochte kaam. Yn de earste omloop wûnen Roelie, Selma en Jeska fan Dronryp (5-0/6-0), yn de twadde omloop wiene se te sterk foar Arum (5-0/6-2) en yn de tredde omloop hie Easterein in steand nûmer. Yn de heale finale waard Makkum mei 5-0 en 6-6 ferslein en yn de finale waard wûn fan Seisbierrum/Pietersbierum. De einstân wie 5-4 en 6-6. It wie de tredde kear dat Easterein de Ald-Meiers Partij wûn. Earder barde dat yn 2007 en 2011. De foto is makke yn Easterein. It famkespartoer op de karre. Fan links nei rjochts Selma de Boer, Jeska Terpstra en Roelie Kroondijk. Yn it midden begelieder Ype Tiemersma. Foar op de bok begelieder Danny Roos mei De Sulveren Pong.

Kreaker yn earste omloop fan Freulepartij

Wommels – In kreaker yn de earste omloop fan de Freule. Grutte favoryt Eksmoarre keatst om njoggen oere op it haadfjild fan de Freule tsjin Berltsum, dat earder dit jier Nederlânsk kampioen waard. Eksmoarre hat ôfrûne simmer fjouwer kear in ôfdielingswedstriid yn de

jongeskategory wûn. Op it NK stiene Berltsum en Eksmoarre yn de fjirde omloop tsjinoer inoar. It waard 5-5 en 6-6. De lêste slach wie foar Berltsum. Ferline jier troffen de twa doarpen inoar yn de finale fan de Revâns-Freule yn Jellum-Bears. Doe wie de

winst ek foar Berltsum (5-5/6-6). Op de list fan de Freulepartij, dy't sûnt 1903 foar de 112de kear holden wurdt, steane dit jier 53 partoeren. Ferline jier wiene dat der 49 partoeren. Doe gong de winst nei it jongespartoer fan Menaam. Mear Freule-nijs op side 5.

Corrie Kroondijk kampioen Wallball Europeeske titel smakket nei mear

Easterein – De grutte beker stiet yn de wenkeamer te pronkjen op de kast. It binne allegearre blommen en kaartsjes. Bûtendoar wapperje de Fryske flagjes. Dat Corrie Kroondijk út Easterein yn it Spaanske Valencia mei it Wallball, by ús better bekend as muorrekeatsen, in bysûndere prestaasje delsetten hat, is de minsken net ûntgien. Tegearre mei Fiera de Vries út Seisbierrum waard Corrie (14) yn de kategory oant en mei fyftjin jier kampioen fan Europa.

Troch Hinne Bokma

By temperatueren fan fier boppe de tritich graden lieten Corrie en Fiera sjen dat se by it muorrekeatsen dizze kear de sterksten wiene. Foarôf hiene se wol rekkene op in priis. De measte tsjinstân koe ferwachte wurde fan Spanje. Dat barde ek, yn de poule ferlearen Corrie en Fiera fan de Spaanske Wallball-keatsers. Mar yn de finale namen de Fryske famkes revânse. Waard de earste set noch ferlern mei 11-6, de twadde waard wûn mei 11-6 en yn de tredde en beslissende set gong de winst mei 7-4 nei Corrie en Fiera. Dêrmei wie de titel binnen. Heit en mem en twallingsus Roelie wiene mei nei Valencia om Corrie oan te moedigjen. Der waard moarns en yn de neimidde keatst. Tusken ien en fjouwer oere waard der siesta holden en wie der tiid foar in middeidutsje. Neist de fiif wedstriden Wallball die Corrie ek noch mei oan it ynternasjonale spul en oan Raspall. Beide keatsfarianten smieten foar Nederlân sulver op.

Spektakulêrder

Al fan jongs ôf is Corrie tegearre mei Roelie op de keatsfjilden te finen. Mar har hert leit by it muorrekeatsen. As se kieze mei tusken it muorrekeatsen en it gewoane keatsen dan wurdt it muorrekeatsen. Gjin twifel mooglik. „Muorrekeatsen is sneller en spektakulêrder“, sa seit Corrie. It hat wol wat fan



Corrie Kroondijk: 'In keatsmuorre yn Easterein soe moai wêze.'

squash. De spilers meie de rubberen bal sawol mei de linker as mei de rjochter hân slaan. „Moast der rap by wêze.“ Der wurdt spile op in fjild fan tsien by seis meter. De keatsmuorre is fiif meter heech. Se traint by de Stichting Score. Winterdeis trije kear yn de wike. Foar it EK waard der ekstra traint. Ek thús oan de Koaifinne yn Easterein kin der oefene wurde. Yn de garaazje hat heit in keatsmuorre boud en dêr kin Corrie in baltsje slaan. No't it kampioenskip foarby is, rjochtet se har wer op it gewoane keatsen. Se komt út yn de famkeskategory. Mar it fizier is rjochte op it muorrekeatsen. Yn 2019 is it EK yn Frjentsjer. Corrie wol letter graach de oerstap meitsje nei de senioaren. Dan komt ek it wrâld kampioenskip yn byld. En der wurdt wol ris oer praat om fan it muorrekeatsen in olympyske sport te meitsjen. Corrie hat ien grutte winsk. Se soe graach wolle dat der yn Easterein in keatsmuorre komt. Neffens har kin in keatsdoarp as Easterein net sûnder sa'n muorre. Oare doarpen, lykas Wjelsryp en aanst ek Easterlittens, hawwe al in keatsmuorre. De keatsferiening en de stichting Skoallegeize moatte it der mar ris oer hawwe.

Al 20 jaar uw
haar onze zorg

It Kappershûs

www.kappershuis.nl

Wij gaan er even tussenuit...

van 12 t/m 21 augustus.

Dinsdag 22 augustus staan wij weer uitgeslagen voor u klaar!

VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

TSJERKEBUORREN 16, 8831 XH WINSUM (FRL), TEL. 0517 341 268
WWW.UWSLAAPPECIALIST.NL | PARKEREN VOOR DE DEUR | VRIJDAG KOOPAVOND

IT BJUSTERBAARLIKE
FOARFAL
FAN DE HÛN YN DE NACHT

2 - 30 septimber

www.iepenloftspuljorwert.nl



Rabobank